

Foar elk ding is in oere

Meditaasje by de definitive oergong fan it KFS nei Krúspunt op snein 30 desimber 2012.

Bêste minsken,

*Foar elk ding is in oere
en foar alles ûnder de himel in tiid.
Der is in tiid om berne te wurden
en in tiid om te stjerren,
in tiid om te plantsjen
en in tiid om planten út te roegjen.*
(Preker 3: 1-2)

Op de drompel

Sa binne wy hjir hjoed **byelkoar** oan de ein fan 2012 en op de drompel fan 2013. Oan de ein fan in jier sjogge wy werom. Wat hat it jier ús brocht; wat is net slagge; wat is weirekke? Mar hjoed sjogge wy ek werom op mear as in ieu *Kristlik Frysk Selskip* (KFS).

Yn 1908 wie it in tiid om berne te wurden, in tiid om te plantsjen. Doe hienen de Fryske taal en kultuer folslein gjin plak yn en om tsjerke. Der wie hast gjin materiaal beskikber, gjin lieten, gjin Bibel. Minsken as Huismans en Wumkes hienen de **fisy** om dat oan te pakken en in beweging op te rjochtsjen. Foar harren moast de Fryske taal syn rjochtmjittich plak yn tsjerke en maatskippij krije en nimme. Mar wat moat it swier west hawwe yn dy tiid. Se stienen suver mei lege hannen en de measte minsken fûnen dat it nearne nei roaide. Frysk yn tsjerke, it moast net mâlder!

Huismans en Wumkes krigen lykwols in soad meistridders. Grutte nammen as Schurer en Folkertsma, mar likegoed lytse nammen, 'kleine luyden', gewoan folk **dat** thús en yn tsjerke, yn polityk en op skoalle **stried** foar it Frysk. **De kristlik Fryske beweging hat hiel wat teweech brocht.** Wat is der in soad bard.

It begûn mei de Psalmen yn it Frysk. It Alde en Nije Testamint waarden oerset. Wat wie it wat doe't de eigen Fryske Bibel útkaam, midden yn de jierren fan besetting. **Letter kaam** der in nije oersetting, en in folslein Lieteboek foar de tsjerken. Yn de measte tsjerken organisearre men inkelde Fryske tsjinsten jiers. De oekumenyske wurkferbannen rûnen foarop yn de Fryske oekumene. Mear en mear materiaal kaam beskikber, oant de Fryske Mattéus Passy ta. Hjoed de dei hawwe wy neist it Lieteboek ek oare bondels: *Tuskentiden*, *Tachtich lieten út Taižé*, Iona lieten yn *Wylde goes*, bernelieten yn *Tusken rein en sinne*, in bulte liturgysk materiaal fan Eppie Dam, Hindrik van der Meer, Margryt Poortstra en Jan de Jong. **Wat is der in soad wurk ferset!** En ik wit it, ik doch in bulte oaren no gjin rjocht.

By it jubileum yn 2008 wie de konstataarring: it Frysk is yn tsjerke gewoan wurden ..., mar spitigernôch noch net fansels!

De tiden

*Der is in tiid om berne te wurden
en in tiid om te stjerren,
in tiid om te plantsjen
en in tiid om planten út te roegjen.*

Anno Domini 2012 is lykwols ek it jier om it *KFS* definityf los te litten. Foar guon minsken is dat pynlik, foar oaren ropt it nostalgyske gefoelens op. Want hoefolle moais der ek bard is, der is ek in oare kant. It Frysk is noch altyd net 'fansels' yn ús tsjerken. Op de measte plakken bliuwt it Frysk in twadderangs taal. Lieteboek en Fryske bibel wurde mar in lyts bytsje brûkt. It is gjin tiid mear fan striid, fan in beweging mei kriteren. Wy hawwe net mear as eartiids grutte liederen en in húsorgaan as **Yn ús eigen Tael**. (Titel kursyfl) De tiden binne bot feroare. Tsjerken binne in **marzjinaal** fenomeen wurden, en de striid foar it Frysk dêrmei ek. De tweintichste ieu is echt foarby. Wy libje yn nije tiden en sille ús dêr ta ferhâlde moatte.

Hoe ..? Dat is fansels de fraach. It is myn oertsjûging dat wy neat berikke mei nostalgia, **it praten** oer it ferline 'doe't alles better wie' of lekskoaien op de hjoeddeistige situaasje. Ik begryp wol dat guon fan ús yn in rouproses sitte. Dat wy ûnwennich binne **nei** froeger tiden. Dat it ús net slagge is om in Fryske tsjerke te kreëarjen. Sels ha ik ek wolris sein dat ik 100 jier earder libje wolle hie. Dan hie ik de tiid meimakke **doe't** de tsjerke noch macht hie, en dus in dûmny ek. En dat ik dan de tiid fan de earste taalstriid meimakke hie, doe't alles noch sa dúdlik wie. Mar, bêste minsken, hoe aardich ek, sokke tinzen binne neat oars as **in** romantisearing fan it ferline en it flechtsjen út de ferantwurdlikens fan hjoed de dei.

Prysteresse

Ik wol mei jimme in ûnderfining diele út de tiid dat ik krekt dûmny wurden wie foar bûtenlânske studinten yn Nederlân. Dat joech my ferskate kearen de gelegenheid om myn studinten yn it bûtenlân op te sykjen. Myn earste reis nei Afrika wie yn 1992 nei Ghana. Ien fan myn Wageningske studinten (Moses) brocht my by syn beppe. Ik hie nammentlik frege om in besite te bringen oan in pryster fan de tradisjonele godstsjinst. Hy lake derom en fûn de Afrikaanske religy efterlik. De striid yn Afrika gie (en giet) ommers tusken Kristendom en Islam.

De Afrikaanske godstsjinst wurdt beskôge as tradisjoneel, âlderwetsk, efterlik. Moses wie in folslein foarbyld fan skepsis, mar brocht my likegoed by syn beppe dy't **prysteresse** wie fan in lokale goadinne yn East-Ghana, oan de grins mei Togo. Ik wit it noch as de dei fan juster. It wie ommers myn earste konfrontaasje en moeting mei Afrika.

Wy kamen nei in lange moarn reizgjen yn in lyts ferfallen doarpke. It wie der snústerich en earmoedich. Wy kamen by de 'shrine', it hillichdom, en beppe, de **prysteresse** fan it hillichdom, lei neaken ûnder in beam te sliepen. Moses sjenearre him **dêr foar**. Mar beppe wie bliid mei de besite en die in omslachdoek om. Wy hienen in moai, mar ek apart petear, mei Moses der tuskenyn as tolk. Doe't wy al wat langer praat hienen (beppe hie ferteld oer har prysterskip, ik oer mines) frege ik har: 'Is it net swier en pynlik om mei te meitsjen hoe't Kristendom en Islam jo eigen godstsjinst **oerweldigje** en ek stikken meitsje? Hoe hâlde jo it fol om te funksjonearjen yn in tiid dy't sa tsjin jo en jo prysterskip is, sâ tsjin jo skiednis, taal en tradysje?'

En ta myn fernuvering lake sy my doe út of oan, dat koe ik net goed begripe. Mar se sei: 'Foar ek ding is in oere, en foar alles ûnder de himel in tiid. Wy hawwe te krijen mei in nije tiid. Dy tiid is likegoed Gods tiid, as de tiid fan it ferline. God is God, en as God it wol dat hy no tsjinne wurdt yn Kristendom en Islam, dan ha ik dat te akseptearjen. Mar God hat sprutsen yn ús âlde religy en docht dat hjoed de dei likegoed noch. Sit der mar net **oer** yn. Alles leit yn Gods hân.'

Beppe sei it yn alle ienfâld, fol fertrouwen. Ik fielde de berêsting en akseptaaasje (dêr't Afrikanen sa goed yn binne) mar it wie folle mear as dat. Se siet dêr ek mei grutskens. Se skamme har net foar har heal neakenens, foar de earmoed, foar de ienfâld, foar de bylden dy't oaren fan har hienen. Se striele grutskens út en hie lak oan de skepsis fan har beppesizzer, dy't him dúdlik net op syn gemak fielde by **it** petear. Ik fielde my ek beskamme. Har fertrouwen **paste** net by myn spiritualiteit. Ik miende (en mien faak noch) dat it fan my ôfhinget, dat it fan ús ôfhinget. Dat wy stride moatte foar ús idealen. Dat it fan ús ôfhinget oft it wol goed komt. Faak sa aktivistsk, sa striidber, sa krampeftich.

Oergong

Bêste minsken, wy **belibje de oergong** fan de tiden. Beide, tsjerke en Fryske taal, sitte yn swier waar. De tiden lykje tsjin **ús te wêzen**. De stoarm boazet oan, de weagen binne heech, it liket tsjuster. Mar krekt de tiden fan krisis kinne ek in momint fan útdaging en kâns wêze. Yn it leauwe hjit dat ‘genede’. It kin in tiid wêze om de eagen te iepenjen en ús kramp los te litten. It kin in tiid wêze fan ynsjoch: **foar alles is in oere foar alles in tiid**. No komt der in nije tiid mei nije útdagings en kânsen.

Lit it sa no en dan los. Fier wat der te fieren is. Tel jo segeningen. Yt en drink. Genietsje fan it goede dat God ús jûn hat. Doch watst dwaan moast en doch it mei in blier hert. En wês net sa benaud. Sa’t de Preker it seit:

*Wat west hat, wie der al lang
en wat komme sil, hat der al lang west,
mar God siket wat ferslein is, wer op!*
(Preker 3:15)

En sa seit it evangeelje it ek. Sit net sa yn noed. Ha wat mear fertrouwen. Sjoch nei de fûgels yn ‘e loft, sjoch nei de blommen yn it fjild. **Wy kinne ús libben ek net in stikje langer meitsje troch yn noed te sitten**. Ha dêrom mear fertrouwen en libje bliid. Ik sis net dat wy nayf en sûnder analyze fan de wurklikheid troch it libben gean moatte. En dat wy net kritysk wêze moatte, mar it giet om de basishâlding yn ús libben. Der tsjin oan soargje? Wy berikke der net in soad mei. Wy wurde der meastentiids wat soer en negatyf fan. It bedjert ús eigen libben, en dat fan in oar. Ha dêrom fertrouwen, gean út fan it goede fan God, doch watst dwaan moast mei in blier hert, wês in ljochtsjend foarbyld, genietsje fan it goede fan it libben. Ha leaf! Ferflok it tsjuster net, mar stek in ljochtsje oan yn it tsjuster. Ha God leaf, en dyn neiste as dysels, en dyn eigen (Fryske of hokker dan ek) taal en kultuer!

In wiis hert

Bêste minsken, it is wat mei de tiid en de oergongen fan jierren en ieuwen. Wy hawwe it der mar swier mei. Hoe’t wy omgean moatte mei de tiid, mei de oergongen fan tiid en tiden. Wy fjochtsje, sa as eltse generaasje, mei de stjerlikheid fan ússels en fan wat wy op tou setten hawwe. Dêrom einigje ik mei it gebed út psalm 90 dy’t wy hjoed lêzen hawwe. Fers 12, **foaral** dat wy de dagen leare te tellen en in wiis hert krije meie:

*Lear ús sa de dagen te tellen
dat wy in wiis hert krije!*
(Psalm 90: 12)

Amen.